

Antwurden Staveringsopdracht A 24 septimber 2016

A. De algemiene regel is: skriuwe wat der sein wurdt.

Utsûnderingen binne:

- 't, 'e, 'n yn stee fan it, de, in of oarsom.
- bij yn stee fan by (r. 3) en ferlykbere gefallen

As ien flater wurdt rekkene:

- yn 't algemien alle staveringsflaters
- it net of ferkeard brûken fan skerpe- en breedtekens
- de stipkes op 'e ij dêr't dat beslist moat
- it skrapke yn wurden lykas dy't
- foarmen dy't wol goed Frysk binne, mar net yn 'e tekst steane
- it ferjitten fan in wurd.

As kwart flater wurdt rekkene:

- it al of net oaninoar skriuwen fan wurden, dêr't dat beslist ferkeard is.
- it ferkeard brûken fan oanheltekens, dûbelpunten, lytse letters of haadletters.

Net rekkene wurdt:

- Italjaansk yn stee fan Italiaansk (r. 1) en neurosirurch yn stee fan neurosijurch (r. 2).
- it ferkeard brûken fan (punt-)komma's.
- itselde wurd of deselde foarm twa kear ferkeard, it twa kear ferkeard brûken fan oanheltekens, lytse letters of haadletters. Al dy gefallen wurde mar ien kear rekkene.
- te min / tefolle spaasje yn gefallen as dy't en yn 'e.
- twa flaters yn ien wurd wurde ien kear rekkene.

By A wurdt útgien fan in noarm fan twa flaters de punt. Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

B. Ien punt foar elk goed antwurd. Mei-inoar 16 punten.

1. c	5.	a	9.	c	13.	c
2. b	6.	b	10.	b	14.	a
3. a	7.	a	11.	c	15.	b
4. c	8.	c	12.	b	16.	c

By B wurdt útgien fan in noarm fan 75% goed (= 12 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

C. Ien punt foar elke goede ferbettering. As fetprinte wurden feroare wurde, krije jo dêr gjin punten foar (b.g. 'gebieden' yn sin 4 wurdt: kontreien), ek al binne se goed skreaun. As net-fetprinte wurden feroare wurde (b.g. 'omtinken' yn sin 4 wurdt: oandacht), wurde allinnich punten ôflutsen as de nije wurden ek ferkeard skreaun wurde. Utsûnderingen: it feroarjen fan a. 'Raerd' (sin 2) yn 'Raard' en b. 'fiifde' (sin 3) yn 'fyfde' wurdt net ferkeard rekkene. Sjoch ûnder A foar it berekkenjen fan oare flaters. Mei-elkoar binne maks. 20 flaters mooglik.

1. Op 4 **juny** (1) **kuierden** (1) en draafden **tûzenen** (1) **kleurich** (1) klaaide **Friezen** (1) en Hollanners oer it asfalt of beton fan de Slachtedyk.
2. Sa'n 15.000 **minsken** (1) **rûnen** (1) sneon de 42 kilometer fan **Easterbierrum** (1) nei Raerd.
3. De fiifde **edysje** (1) fan de **maraton** (1) wie streekrocht te **folgjen** (1) by Omrop Fryslân.
4. De **Fryske** (1) **telefyzje** (1) filme **bysûndere** (1) **dienimmers** (1) en hie folop omtinken foar de prachtige **gebieten** (1) dêr't de tocht trochhinne gie.
5. Yn alle doarpen, by de folsleine **rûte** (1) lâns, wie **er** (1) genôch **muzyk** (1) en **ferdivedaasje** (1).

By C wurdt útgien fan in noarm fan 65% goed (= 13 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

De trije sifers foar A, B en C wurde middele ta ien einsifer foar it ûnderdiel staveringsopdracht.